

verhaal 39

Ald en Nij Tsjerkenijs

Yn it jier 2000 bin ik útein set mei in skiednisboek oer Wier. Dêrta moast ik ek alle tsjerkeboeken trochnoaskje. Sa is yn 1563 Ioannis pastoar te Wier en hy sil nei de Reformaasje de earste dûmny wurde. Wier wurdt fan Roomsk Grifformeard.

Alle tsjerkeboeken wiene net mear foarhannen. In âld skoalmaster krijt yn 1794 it leksum: 'De Schoolmeester van Wier wordt gelast, om met het verscheuren der Kerkeboeken niet verder voort te gaan, maar deze onbetamelijke handelwijze van nu af aan te staken.'

De âlde master brûkte it papier om, yn it lokaal, it potkacheltsje mei oan te setten.

Yn 1874 komt master Tsjalling Bakker, in tige wurdearre skoalmaster en tagelyk organist yn de tsjerke. Hy en syn frou binne befreone mei dûmny Frederik Germs. Harren bern boartsje mei elkoar. Dûmny's dochter Anna sil letter trouwe mei de soan fan master Bakker: Sybe. In pakesizzer fan Sybe en Anna, fertelde my, wat syn beppe him ris meidiel hie:

'It wie op in sneintemiddei dat dûmny Germs in preek hold. Master Bakker siet boppe op de kreake te harkjen en spile op it oargel oft der songen wurde moast,

Nei de tsjinst sei master Bakker tsjin dûmny Germs: 'Dominee, u bent lichter in de leer geworden.'

Dûmny Germs ûntstride dat. 'Wel nee meester, ik preek nog net zo als toen ik hier kwam.'

Master Bakker liet him net ferrifelje en sei nochris: 'Nee dominee, u bènt lichter in de leer geworden.'

Dûmny Germs liet dat in hoartsje yn him omgean en stelde doe foar om in proef te dwaan. Hy soe oankommende snein deselde preek hâlde as doe't er hjir oannommen wie en wol: Joh.: 4: 23a.

Dêrnei soene de beide hearen yn de Pastorij de beide preken njonken inoar lizze en fergelykje. Dat gie oan. Dûmny hold syn preek oer Joh.:4:23a . Nei ôfrin giene de beide manlju swijend it brechje oer nei de pastorij. Dûmny's mfrou joech harren in kopke tee. De entree preek waard út it laad helle en dûmny begûn dy foar te lêzen. Healwei it foarlêzen hold dûmny ynienen op, die de holle omheech, seach master oan en sei: 'Meester u hebt gelijk, ik ben volkomen Vrijzinnig geworden.' Hy prakkesearre noch eefkes en sei doe: 'Maar dan heb ik nu wel een probleem. Ik ben hier aangenomen als Gereformeerd predikant. Nu kan ik hier niet blijven. Ik moet het kerkbestuur vragen om toestemming, mij de gelegenheid te geven om mij te laten beroepen in een Vrijzinnige Gemeente.' Der waard in gearkomste belein mei it folsleine Tsjerkebestjoer by master Bakker oan hûs. Dûmny Germs lei de sitewaasje út en bekende dat hy ûnder syn jierren hjir yn Wier lichter begûn wie te preekjen. Hy frege nederich, oft se him wol tastimming jaan woene om him earne oars beroppe te litten.

It bleau in aaklik hoartsje stil. Doe gie ien fan de mannen fan de tsjerkerie oerein, kochele noch eefkes lûdroftich en sei plechtich: 'Dominee, ik spreek alleen voor mijzelf als ik zeg, dat zoals dominee preekt, het mij helemaal naar de zin is. Ik zou uw preken niet graag willen missen. Ik denk, dat wij met u van inzicht zijn veranderd. Als de andere mannen er precies zo over denken als ik, dan zijn wij vanaf nu een Vrijzinnige Gemeente. Wij worden wel lichter in de leer met u.'

Der folge in algemiene ynstimming .

Fan dy tiid ôf, is de tsjerke fan Wier Frijsinnich Herfoarme.

De tsjerke is yn 1983 eigendom wurden fan de Stichting Alde Fryske Tsjerken.

De lêste tsjerkfâd\lidmaat hat dat ynoarder makke. In dûmny is der dan al lang net mear. Yn de jierren 2011-2012 is it gebou restaurearre.

De tsjerke is in Teatertsjerke wurden. De Pleatselike Kommisje hâldt der sûnt 2008 optredens yn fan û.o. koaren, sjong-en spylgroepen mei it doel de tsjerke te bewarjen.

It skiednisboek WIER is yn 2017 ôfkommen en yn druk ferskynd. Goed 500 siden tsjûk. Wêr't in lyts doarp grut yn wêze kin.

Simy Sevenster- de Jong